

Rixt

Op snein 14 maaie l.l. hat it Mingd Koar Grou útfierd “ 't Is letter as men tinkt “, in komposysje skreaun troch Jan de Jong op teksten út de bondel “De Gouden Rider” fan dichteres Rixt, pseudonym foar Hendrika Akke van Dorssen. Mei hjirtroch is Rixt wer wat mear ûnder de oandacht fan de minsken kommen en wy heakje dêr op yn troch hjir wat mear oer libben en wurk fan Rixt te skriuwen.

Hendrika Akke van Dorssen, berne op 27 septimber 1887, krige de foarnammen fan har beppe Hendrika en har muoike Akke van Dorssen. Se wie in famke fan winkelman en keapman Gysbertus van Dorssen (1856-1935) en Janke Tymstra (1857-1949). Se wie de jongste yn dizze menniste-famylje, mei noch twa âldere broers, Sybren en Pieter.

Nei de legere skoalle yn Grou gie se nei de famkes-HBS en de kweekskoalle yn Ljouwert. Se woe ûnderwizeres wurde, mar moast dat oerjaan doe't se longtuberkuloaze krige. Letter studearre se foar de akte ‘Gemeenteadministraasje’. Yn 1917 fûn se wurk op de gemeentesiktary fan Snits en yn 1919 by de gemeente Dimter. Dêr waard se haadkommys en waarnimmend gemeentesiktaris.

Yn 1909 ferbleaun se yn it ‘Herstellingsoord voor Longlijders’ yn Putten op ‘e Veluwe, letter yn it ‘Nederlands Sanatorium’ yn Davos (Switserlân). Yn it sanatorium yn Putten krige se kunde oan de twa jier âldere dichter J. Philip van Goethem. Hy sette har oan ta it dichtsjen yn it Nederlânsk. Har earste ferzen waarden yn 1910-1911 publisearre yn it tiidskrift ‘Nederland’. Yn Davos rekke Rixt befreone mei oare pasjinten út Fryslân. Yn dat fermidden liezen se Fryske poëzy, ûnder oare fan Piter Jelles en Obe Postma. Dat ynspirearre har ta it skriuwen fan gedichten yn har memmetaal. Troch de dichter Jan Jelles Hof, dy't har ferzen ûnder eagen krige, waard se oanmoedige dy ferzen op te stjoeren nei Onno Harmens Sytstra. Dit late yn 1913 ta de earste publikaasje fan har Fryske ferzen yn ‘Forjit my net’, it tiidskrift fan it ‘Selskip foar Fryske taal- en skriftkennisse’.

As skriuwersnamme keas se foar ‘Rixt’, de earste foarnamme fan in oerbeppe fan heiteskant.



Mear publikaasjes kamen yn ‘It Sjongende Fryslân’ (1917) en ‘De Nije Moarn’ (1922), blomlêzingen gearstald troch Douwe Kalma. Hy fûn it moedich fan Rixt om persoanlike leafdes-gedichten út te bringen yn it yndertiid sa yn himsels kearde Fryslân. Dêrtroch waard Rixt har namme as dichteres dy't út it hert spriek, yn ien kear festige. Har poëzy kundige in nije dichtkeunst oan, dy't tidens de saneamde Jongfryske perioade yn de Fryske literatuur ta bloei komme soe. Hjiryn fersette in nije generaasje skriuwers harren tsjin de yn harren eagen provinsjale en steryle folksskriuwerij fan minsken lykas Waling Dijkstra. Sy bepleiten yn sté dêrfan foar in mear esthetyske en persoanlike literaire keunst.

Rixt har ienichste bundel, wêryn omtrint al har wurk byelkoar brocht waard, is ‘De Gouden Rider’ (1952), dy't se publisearre doe't se al oer de sechtich jier âld wie. Hjirfoar waard har yn 1953 de ‘Gysbert Japicxpriis’ takend, de heegste Fryske literaire ûnderskieding. Dit barde net sûnder protesten, omdat benammen har betide gedichten fanwege harren gevoelichheid en oprjochtheid

troch in oantal minsken as ûnsedich beskôge waarden. Al is har oeuvre lyts, Rixt hat hjirmei lykwols in belangryk plak yn de Fryske literatuur ynnommen. Se bleaun oant op hege leeftiid belutsen by alles wat dêrmei te meitsjen hie en joech as ‘grande dame’ fan de Fryske literatuur allinne al troch har oanwêzigens glâns oan mannich literaire byienkomst.

Har skriftlike neilittenskip is troch har oerdroegen oan it Frysk Letterkundich Museum en Dokumentaasjesintrum (FLMD) yn Ljouwert.

Op 31 jannewaris 1979 is Hendrika Akke van Dorssen ferstoarn, 91 jier âld, yn Huize Salland yn Colmschate, in bûtenwyk fan de stêd Dimter.